



**Jiergearkomste Feriening Frysk Underwiis** op 01-02-2006 yn sealesintrum 'It Aljemint' (FA) te Ljouwert yn 'e mande mei de *seksje Frysk* fan de *Vereniging van Leraren in Levende Talen* (VLLT) en it *Pedagogysk Wurkferbân*, mei dêroan foarôfgeand de húshâldlike FFU-gearkomste.

### ***Húshâldlike gearkomste fan de FFU om 18.45 oere***

*Oanwêzich:*

Bestjoer: T. Dykstra, G. Gerbrandy, S.T. Hiemstra, Ed. Knotter, T. van der Veen. Leden: Jaap van der Bij, Douwe Willemsma, Jan A. van der Baan, Coby Laanstra-Ypma, Wim Grit, Bareld de Vries, Bokke Span.

*Mei kundskip ôfwêzich:*

Roel Valkena, Liskje Flapper, Durk van der Schaaf, Jelte Cuperus.

#### *1. Wolkom en meidielings*

De foarsitter memorearret dat it ferstjerren fan Rindert Straatsma yn jannewaris 2006 in grutte leechte by ús efterlitten hat. Oant it lêste ta hat Rindert him ynset foar de *lykberjochting* en *lykwaardichheid* fan it Frysk, benammen yn it ûnderwiis. In lange rige fan jierren hat er foar de FFU fan grutte betsjutting west, ek as skathâlder. Mei rjocht en reden kin Rindert in bodder yn 'e Fryske striid neamd wurde. Nei in amerij stilte wurdt de gearkomste fuortset.

#### *2. Fêststellen fan de wurklist*

De wurklist sa't dy foarleit wurdt fêststeld, nimmen hat op- of oanmerkings.

#### *3. Ferslach jiergearkomste 2005*

De jiergearkomste fan 2005 yn 'e Bouhof kin net as in grut sukses beskôge wurde. It ferwachte tal studinten wie troch stúdzje-omstannichheden (te) lyts. It programma, foar it grutste past fersoarge troch pabû-studinten, wie goed en oansprekkend.

#### *4. Besprek jierferslach 2005*

De nijsbrief/jierferslach oer 2005 moat ek besjoen wurde as in ferantwurdig foar de leden oer. Yn ús útgeande brieven rjochtsje wy ús net allinnich ta ynstânsjes en organisaasjes, mar ek ta persoanen.

De FFU wie net tefreden oer de behanneling fan it troch ús en oaren útstelde lesûndersyk troch it *Platfoarm Lêsbefoarding Taalryk Fryslân*. De FFU sil yn 'e kommende tiid de diskusje fierder fiere mei Joh. Ytsma [ûnderwilens ta ús grutte spyt ferstoarn] fan de Fryske Akademy en ta in nij útstel komme.

Jaap van der Bij sprekt syn wurdearing út oer it wurk fan de FFU en oer it webstek fan de FFU. Sytze Hiemstra seit dat de FFU yn 'e mande mei de Ried fan de Fryske Beweging (û.o. Jaap van der Bij en Rinze Valk) gearwurke wurdt by in stikmannich saken lykas it probleem fan de *taalnoarm* en de winsklikens fan in *taalwet*. Dy kontakten binne fruchtber.

Jan van der Baan freget him ôf wat it oerlis mei de provinsje Fryslân eigentlik opsmyt. Kinne de lju op de ministearjes net better beynfloede wurde? Yn it Haachske miljeu bestiet by guon amtners

faaks wol begryp foar it Frysk yn it ûnderwiis. Sykje dy yngong yn De Haach om sa ta resultaten te kommen. Tom antwurdet dat yn eigen hûs (de provinsje Fryslân) earst mei ien mûle praat wurde moat, dan pas kinne wy nei De Haach gean, benammen as it om de minister giet. As foarbyld hellet er de nije Fryske *kearndoelen* oan dêr't ûngelikens oer tocht waard troch Deputearre Steaten en Provinsjale Steaten doe't it gong om in oan it Hollânsk lykweardige en lykberjochtige formulearring dêrfan. Kontakt wie en is der wol mei Auke van der Goot, koördinator Frysk yn De Haach. Fierder wiene der kontakten mei minister Remkes fan Ynlânske Saken. Germ Gerbrandy jout nochris it belang oan fan de kontakten en mei de provinsje en mei De Haach, in stratezjy dy't it meast effektyf is. Germ wol net te leech ynsette. Jan van der Baan tinkt dat de polityk yn De Haach oer it generaal min te bespyljen is. Yn De Haach bestiet in oar byld fan Fryslân as dat wysels hawwe. Hy stie der jitrisk op oan dat wy amtners dy't gefoelich binne foar it Frysk, bewurkje.

Sytze en Germ wolle dat benammen de steateleden en de Fryske partijen De Haach beynfloedzje. Dy moatte wy dus wekker en op 'e hichte hâlde. Tom Dykstra heakket deroan ta dat de saak fan de kearndoelen folslein bûten Fryslân om regele is. Sytze wiist op de ûntwikkeling fan in lanlike kanon dêr't in lanlike kommisje foar ynsteld is. De provinsje Fryslân nimt op dat stik ek noch gjin inisjativen en dat moat wol. Germ wol alle lanlike partijen tantsje en freget him nochris ôf hoe't it safier komme koe mei de kearndoelen. Sytze wol it foech foar it Frysk en it Fryske ûnderwiis nei de provinsje bringe. Mei Theo Willemsen en Bertus Mulder binne goede kontakten en dat hoopje wy fierder út te bouwen..

#### *5. Finânsjes*

Grit en Hiemstra hawwe har mei de kontrôle fan de finânsjes dwaande holden. Dat wie lestich om't se nei it ferstjerren fan Rindert op nimmen mei fragen weromfalle koene. De balânzen wiene ynoarder. Der wie in neidielich ferskil fan €5.60 euro, mar wannear't de rinte fan €37.45 euro by de post opset wurdt, komt it goed mei it totaal. Ed. Knotter seit dat er ree is om skathâlder te wurden. De gearkomste stimt deryn mei. Wim Grit en Douwe Willemsma sizze ta dat se yn 2007 de kaskommisje foarmje sille.

#### *6. Bestjoersaken*

Rindert Straatsma is yn it harnas stoarn en Tom Dykstra hat al in hiel skoft yn it bestjoer fan de FFU sitten. Ien soe it bestjoer fersterkje moatte om de kontinuïteit te bewarjen. De fraach is wa't wy it bêste freegje kinne. Wy tinke as bestjoer sels oan ien út de rûnte fan Te Mâl, benammen oan immen dy't juridysk ûnderlein is of dêr aardichheid oan hat. Mar wy sille ek nochris sjen nei ús ledebestân. De FFU hat sa'n hûndert leden. Dat tal soe ek omheech moatte. Dat hat ús omtinken.

#### *7. Omfreegjen*

De tiid fan gearkommen fan de jiergearkomste (18.45 oere) kinne de oanwêzigen it wol mei lykfine. Bareld de Vries merkt op dat der in post foar kultuer bestiet dêr't jild út frege wurde kin as it giet om inisjativen dy't wat ôfwike fan de bewende kulturele paden. Dêrby kin tocht wurde oan popmuzyk, film, Tomke, in foarlêswike of it Gerben Rypma-kuierpaad. Op 'e gemeentehuzen (kommisje kultuer), kin men jin fierder helpe by oanfragen.

Om likernôch 20.00 oere wurdt it húshâldlik part fan de gearkomste sletten. Dêrnei folget de mienskiplike gearkomste.

*tvdv & sth*

***Mienskiplike gearkomste fan de FFU, VLLT (seksje Frysk) en it PW om 20.00 oere yn 'It Aljemint' fan de Fryske Akademy mei as tema : In Fryske Kanon***

*Oanwêzich:* Th. Dykstra (foars. FFU), S.T. Hiemstra (skriuwer FFU, VLLT, PW), Teake Oppewal, Alex Riemersma (VLLT), Eelke Goodyk (FFU, PW), Thys van der Veen (FFU), Gerben Gerbrandy (FFU), Ed Knotter (FFU, VLLT), Theun Meestringa, Annigje Toering (VLLT), Goffe Jensma, Jaap Rinzema, Willem Riemersma, Kobe Flapper, Wim Hiemstra, Hindrik ten Hoeve, Douwe Kootstra (PW, FFU), Auke Huistra, Wim Grit (FFU), Jan Waterlander, Douwe Willemsma (FFU, PW), Reitze J. Jonkman (VLLT), Bareld de Vries (FFU), Bokke Span (FFU), Henk Jongsma (VLLT), Theo Kuipers, Coby Laanstra-Ypma (FFU), Jan A. van der Baan (FFU), Tsjerk Feenstra (VLLT), Yde Faas (FFU, VLLT), Jan van der Burg, Babs Gezelle Meerburg (foars. VLLT, seksje Frysk, FFU, PW; ynlidster), Ronald Noppers, Joke Corporaal, Herman Beliën (ynlieder foar de lanlike kanonkommisje), Kerst Huisman, (ynlieder), Pier Bergsma (foars. PW), Hans Willems (LC), en foar 't neist in stikmannich minsken dy't de list net tekene hawwe.

**In Fryske kanon.**

De minister fan OCW hat op 31 augustus 2005 in 'Commissie Ontwikkeling Nederlandse Canon' ynstallearre. De kommisje moat dy kanon foar 1 septimber 2006 klear hawwe. Mei it *Pedagogysk Wurkferbân* fan de *Fryske Akademy* en de *seksje Frysk* fan de *Vereniging van Leraren in Levende Talen* (VLLT) hat de *FFU* dêr in temajûn oer belein yn 'It Aljemint' te Ljouwert.

Sprekkers wiene dr. Herman M. Beliën (UvA), dy't op de tekst west hat oer de *opdracht* fan de lanlike kommisje, de histoarikus en âld-sjoernalist drs. Kerst Huisman, dy't in ynliding hold oer *Fryske skiednis en kultuer*, en dr. Babs Gezelle Meerburg (VLLT, seksje Frysk) dy't sprutsen hat oer *Fryske literatuer*.

De jûn wurdt mei it foarlêzen fan in stikje út in literêr boek iepene troch Pier Bergsma (PW). Oan 'e oan fan de jûn is troch de gearkomste in Frysktalige *resolúsje* (en in Hollânsktalige wjergader dêrfan) oannommen en oan dhr. Beliën mejûn foar de kanonkommisje mei it fersyk om yn nauwe gearwurking en yn dield ferantwurdlikens mei saakkundigen op it mêd fan de Fryske taal, kultuer en skiednis in kanon foar it primêr en fuortset ûnderwiis (âldensgroep fjouwer oant achttjin jier) te ûntwikkeljen.

De resolúsje is ûnderskreaun troch de *VLLT*, *seksje Frysk* (dr. B.A. Gezelle Meerbrug, foars.), it *Pedagogysk Wurkferbân* fan de *Fryske Akademy* (drs. P. Bergsma, foars.), de *Feriening Frysk Underwiis* (drs. Th. Dijkstra, foars.) en de *Ried fan de Fryske Beweging* (dr. J. van der Bij, foars.).

Oer it generaal wie it in ridlik slagge jûn, al kaam dr. Beliën, as fertsjintwurdiger fan de lanlike kanonkommisje, by it einsluten, dus ryklik let, en nei wat lûken ta de saak dêr't it ús om gong, nammentlik om dúdlikens te krijen oer de fraach wa't der ferantwurdlik foar is of wêze moat dat der in Fryske kanon komt. Efkes oer tsienen wurdt de gearkomste mei tanksizzing oan de sprekkers en de oanwêzigen sletten troch Tom Dykstra (FFU).

Beliën meelt ús in pear wikke letter (17-02-2006): "Ik heb de motie [hy bedoelt de *resolúsje*] aan de commissie ter hand gesteld. Er komt geen provinciale canon namens de commissie, zoals ik al aangaf [op de kanonjûn fan 1 febr. 2006]. De canon zal opening bieden om er regionale canons aan te verbinden." De kanonkwesje is dus noch lang net ta in útdragen saak brocht.

De *Leeuwarder Courant* (02-02-2006) en it *Friesch Dagblad* (03-02-2006) hawwe mei in ferslach omtinken jûn oan ús kanonjûn (sjoch ús webstek by ‘Aktueel’, 02/03-02-2006).

De bydragen fan Kerst Huisman (yn it Frysk mei in Hollânsktalige oersetting) en Babs Gezelle Meerbrug en de *resolúsje* (H/F) binne ek op ús webstek oan te klikken.

**Klik op:** [KH-Fryske skiednis en kultuer F/H.pdf](#) (K. Huisman) en op: [BGM-Fryske literatuer.pdf](#) (B.A. Gezelle Meerburg) om de ynliedings te iepenjen.

**Klik op:** [Resolúsje\(s\).pdf](#) om de Frysk- en Hollânsktalige resolúsje(s) te iepenjen.

Sjoch fierders by: ***Brieven, 2006, ynkommen, 03-06-2006, Herman Beliën: er komt geen provinciale canon namens de (landelijke) commissie*** en ***Brieven, 2006, útgien, 03-06-2006: Provinsje: hoe fierder mei de Fryske kanon?*** Dêr binne ûnderskate oanklikmooglikheden.

En ek ‘Aktueel’ 2006: **16-06/05-07-2006, Skriftlike fragen fan de CDA-steatefraksje oan Deputearre Steaten (DS) oer it ûntwikkeljen fan in kanon foar de Fryske taal en kultuer en de antwurden dêrop.** Ek wer mei ferskillende oanklikmooglikheden.

*sth*